

## Reade wurdfolchoarders en dêrmei gearhingjende aspekten yn 17e-ieusk Frysk

In ûndersyk nei de tiidwurdkloft yn Gysbert Japicx syn  
 “Yen suwnerlinge forhânlinge Fen it Libben In fenne Deade”

Eric Hoekstra

### Summary

*This article presents a statistical investigation of word order in the verbal cluster as used by the famous 17th century Frisian writer Gysbert Japicx in his work “Yen suwnerlinge forhânlinge Fen it Libben In fenne Deade” (“an uncommon essay about life and about death”), henceforth de ‘Ferhanneling’ (‘essay’). Research revealed the presence of a set of phenomena which deviate from Modern Frisian. It turns out that verbal clusters which are systematically head-final (‘green’) in Modern Frisian have that order in Gysbert’s work only in 90% of all cases. The other 10% is either head-initial or mixed. These head-initial clusters in Gysbert’s work have a number of properties which are not found in head-final clusters: for example, some of these head-initial clusters exhibit the phenomenon of Infinitivus-pro-Participio (IPP), found in Dutch and German. There are strong indications that the small number of head-initial orders, with their deviant properties, must be analysed as being influenced by Dutch.*

### Gearfetting

Yn dit artikel wurdt oan ‘e hân fan in statistyske oanpak ûndersocht hokke folchoarders oft Gysbert Japicx brûkt yn ‘e tiidwurdkloft yn syn “Yen suwnerlinge forhânlinge Fen it Libben In fenne Deade”, tenei de ‘Ferhanneling’. By dat ûndersyk kaam in nustje ferskynsels foar it ljocht dy’t ôfwike fan it Nijfrysk. It docht bliken, dat tiidwurdkloften, dy’t yn ‘e Nijfryske skriuwtaal systematysk (100%) in haadfinale (griene) folchoarder ha, by Gysbert yn 90% fan ‘e gefallen in haadfinale folchoarder ha. Yn 10% fan ‘e gefallen wurdt by Gysbert in haadinisjele folchoarder fûn of in tuskenbeiden folchoarder. De haadinisjele kloften binne yn guon dingen ûngelyk oan ‘e haadfinale kloften: guon haadinisjele kloften litte bygelyks it by útstek Hollânske ferskynsel fan Infinitivus-pro-Participio (IPP) sjen. Der binne sterke oanwizingen dat it lytse tal haadinisjele folchoarders, mei de ôfwikende skaaimerken dy’t der mei mank rinne, sjoen wurde moat as beynfloede troch it Hollânsk.

## 1. Ynlieding

### 1.1. Tiidwurdkloften yn it Frysk en it Hollânsk

It Nijfrysk hat yn 'e tiidwurdkloft de griene folchoarder, lykas de fetprinte tiidwurdkloften yn (1) hjirûnder sjen litte (út Tiersma 1999:126):

- (1)
- (a) Ik moat hjoed **komme**
- (b) Ik sil hjoed **komme moatte**
- (c) Ik hie hjoed **komme moatte sille**

Dy folchoarder sil hjir as *haadfinaal* oantsjut wurde. Ommers, it selektearjend haad, hjir it tiidwurd, stiet sels yn finale posysje en selektearret hieltyd syn komplemintearjend tiidwurd oan 'e lofterkant. Alsa stiet yn (1c) *sille* efter it haad fan syn komplemint, *moatte*; *moatte* stiet wer efter it haad fan syn komplemint, *komme*. Dat is yn it Nijfrysk konsekwint it gefal.

Dêr't dat handich is, wurde de tiidwurden oanjûn neffens it systeem fan Stroop (1970, 2009). It heechste tiidwurd kriget in 1; yn sin (1) en (2) is dat de persoansfoarm. It tiidwurd selektarre troch 1 kriget in 2; yn sin (2a) en (2b) is dat it ôfslutend mulwurd *sjoen*. It lêste tiidwurd, it haadtiidwurd, kriget in 3; yn sin (2a) en (2b) is dat de doelfoarm *wurkjen*. Haadfinale ofwol griene folchoarders binne dus yn it systeem fan Stroop de neikommende: 21, 32, 321, ensafuorthinne. By de kloften fan 2 tiidwurden is der gjin ûnderskied makke tusken haadsin en bysin. Dat wol sizze dat de foarbylden (2a) en (2c) beide rubrisearre binne as in haadfinale kloft besteande út 2 tiidwurden:

- (2)
- (a) Hy 1:hat him 3:wurkjen 2:sjoen
- (b) Omdat er him 3:wurkjen 2:sjoen 1:hat
- (c) Omdat er 2:komme 1:wol

Lit my hjirby fuort oantekenje dat type (a) tige seldsum is yn de *Ferhanneling*: der komme mar 3 fan dat soarte gefallen foar.<sup>1</sup> Mei oare wurden: de kloften mei 2 of 3 tiidwurden wurde hast allegearre fûn yn bysinnen. Dat sil te krijen ha mei it feit dat Gysbert, mei syn barokke skriuwtaal, navenant in protte bysinnen brûkt.

De foarbylden (1c, 2a, 2b) litte ek sjen dat it Frysk net it ferskynsel hat dat bekend stiet as *Infinitivus-pro-Participio* (IPP). Dat hâldt yn dat in ynfinityf him oppenearret dêr't men in ôfslutend mulwurd ferwachtsje soe. It ABN hat dat ferskynsel al, lykas hjirûnder sjen litten wurdt:

(3)

- (a) Hy heeft hem **gezien**  
 (b) \* Hij heeft hem **gezien** werken      *gezien* is in ôfslutend mulwurd  
 (c) Hij heeft hem **zien** werken      *zien* is in ynfinityf

Yn 'e measte talen, it Frysk ynbegrepen, wurdt yn 'e wjergader fan sinnen lykas (3c) in ôfslutend mulwurd brûkt (sjoch 4b), en gjin ynfinityf (sjoch 4c). De folchoarder yn 'e tiidwurdkloft yn (3c) is *haadinisjeel*. It haad *zien* komt earst en selektearret it haadtiidwurd *werken*. Yn it Frysk is it krekt oarsom. De Fryske wjergaders fan 'e sinnen hjirboppe wurde hjirûnder jûn:<sup>2</sup>

(4)

- (a) Hy hat him **sjoen**  
 (b) Hy hat him wurkjen **sjoen**      *sjoen* is in ôfslutend mulwurd  
 (c) \* Hy hat him wurkjen **sjen**      *sjen* is in ynfinityf

Haadinisjele folchoarders binne yn it systeem fan Stroop de neikommende: 12, 23, 123, 1234, ensafuorthinne.

### 1.2. *Data en data-analyze*

De *Ferhanneling* is in oersetting út it Frânsk wei en bestiet út 14.534 wurden. It is de grutste Fryske proazatekst út 'e 17e en 18e ieu.<sup>3</sup> Mei syn oersettingen, en mei syn oarspronklik wurk, makke Gysbert de skreaune Fryske taal, dy't earder inkeld brûkt waard foar literatuer yn 'e plattelânssfear, ta in medium foar ferheven en learde keunst (Ph.H. Breuker 1989:508). Dat jildt yn it bysûnder foar de *Ferhanneling*, in religieus-filosofyske fisy op *la condition humaine*.

Yn dit artikel wurdt út en troch de noasje signifikânsje brûkt, as sein wurdt dat in beskate korrelaasje tusken twa faktoaren al of net signifikant is. As in statistyske korrelaasje signifikant is, dan is de kâns dat de korrelaasje tafal is, lytser as 5%. As in statistyske korrelaasje net signifikant is, is de kâns dat de korrelaasje tafal is, grutter as 5%. Yn bysûndere gefallen kin men wat liniger mei de 5%-noarm omspringe, bygelyks as der ûnôfhinklike oanwizingen foar it al of net bestean fan in korrelaasje binne. Statistyske signifikânsje wurdt yn dit artikel berekkene mei help fan Fisher's Exact Test.<sup>4</sup>

De tiidwurdkloften yn 'e *Ferhanneling* binne útslachte op 'e neikommende haadfaktoaren:

- kloft fan 2 of 3 tiidwurden
- wurdfolchoarder
- al of net foarkommen fan IPP
- al of net TE as earste elemint fan 'e kloft<sup>5</sup>

Dêrnjonken wiene somtiids de neikommende twa faktoaren fan belang:  
aard fan it helptiidwurd<sup>6</sup>  
aard fan it haadtiidwurd

Fan dy faktoaren is de wurdfolchoarder de faktor dy't primêr ûndersocht wurdt. De wurdfolchoarder blykt ôfhinklik te wêzen fan 'e oare faktoaren dy't hjir niis neamd waarden.

Trije soarten fan folchoarder wurde ûnderskaat:

- haadfinaal (grien)
- haadinisjeel (read)
- tuskenbeiden

In tuskenbeiden folchoarder is noch alhiel haadinisjeel noch alhiel haadfinaal. In foarbyld fan alle trije folchoarders wurdt hjirûnder jûn:

- (5) Haadfinaal, 321  
dy altyd by forstânnige liue for in djoer-wirdig dinge **hâden west iz**  
(71910325)<sup>7</sup>
- (6) Haadinisjeel, 12  
wier-trog me sommige in socken forbiuesteringe **siocht fâllen**  
(71910247)
- (7) Tuskenbeiden, 312  
dear-yn wy fen alle storm-twierren **befrye sille wirde**  
(71910838)

De ûndersochte kloften besteane allegear út 2 of 3 tiidwurden, mei't der gjin kloften fan 4 of mear tiidwurden fûn binne yn Gysbert syn *Ferhanneling*. Dit binne de risseltaten fan 'e telling:

(8) Kloften fan 2 en 3 tiidwurden		
Haadfinaal	288	90%
Haadinisjeel	18	6%
Tuskenbeiden	<u>12</u>	4%
TOTAAL	318	

Tuskenbeiden folchoarders kinne a priori inkeld yn kloften fan 3 tiidwurden foarkomme. Se wurde yn it bestek fan dit artikel fierder net behannele.<sup>8</sup> Ut 'e data docht bliken dat de haadfinale folchoarder yn it proaza fan Gysbert Japicx de dominante folchoarder wie. Lykwols komme der 6% haadinisjele folchoarders foar.

## 2. Faktoaren dêr't wurdfolchoarder mei korrelearret

Yn it neikommende wurdt mei help fan statistyk ûndersocht, wêr't it foarkommen fan haadfinale of inisjele folchoarder mei korrelearret. Dêrby wurdt gebrûk makke fan tradisjonele grammatikale begripen, lykas ôfslutend mulwurd, ynfinityf, ensafuorthinne. It is mei klam net it doel fan dit artikel om wat te sizzen oer de syntaktyske struktuer fan tiidwurdkloften. Wat ik sjen litte wol, is dat Gysbert syn ôfwikende haadinisjele folchoarders korrelearje mei in tal faktoaren dy't hjirûnder presintearre wurde. Yn seksje 3 wurdt as ynterpretaasje fan dy data útsteld dat de reade folchoarders by Gysbert ûnder ynfloed fan it Hollânsk ta stân kommen binne. Dat ferklearret fuortdaalks dat IPP him yn Gysbert syn reade folchoarders oppenearret. Foar de oare faktoaren dy't mei Gysbert syn reade folchoarders mank binne, besykje ik allyksa oannimlik te meitsjen dat se mei de ynfloed fan it Hollânsk gearhingje.

### 2.1. Tal tiidwurden

In tiidwurdkloft kin bestean út 2 of út 3 tiidwurden. Lit ús dêrom ûndersykje, oft der in ferbân is tusken de grutte fan 'e kloft en de folchoarder fan 'e tiidwurden. Ik behein my hjir ta kloften sûnder *te*, mei't kloften mei *te* har oars hâlde en drage as gewoane kloften; kloften mei *te* wurde yn seksje 2.2. behannele. Kloften mei fuortsettende mulwurden binne ek bûten beskôging litten, sjoch ek seksje 2.4.<sup>9</sup> Hjirûnder wurdt in foarbyld jûn fan 'e 4 soarten fan kloften dy't yn *Tabel I* hjirûnder teld binne:

- (9) Haadfinaal, 2 tiidwurden  
't Iz ien bjuestre dwaen, dear 'k my naet noag oer **forwonderje kin**  
(71910002)
- (10) Haadfinaal, 3 tiidwurden  
ien fortrietige lân-reise, dy trog oer-miett'ne kieald in hiett'ne, oer  
hæge stege bergen, gruwweljinde woastenyen in striette scheineryen  
**dien wirde moat.**  
(71910019)
- (11) Haadinisjeel, 2 tiidwurden  
wier trog me sommige in socken forbiuesteringe **siocht fâllen**  
(71910247)
- (12) Haadinisjeel, 3 tiidwurden  
dy uwz ææck ynne midz fên uwz ærbeidjen **kin dwaen restjen**  
(71911132)

De neikommende tabel lit sjen dat der yndie in ferbân tusken de grutte fan 'e kloft en de tiidwurdfolchoarder is:

Tabel I. Korrelaasje tal tiidwurden en folchoarder,  $p = 1,9\%$ 

	2 tiidwurden	3 tiidwurden
Haadfinale folchoarder	252	19
Haadinisjele folchoarder	10	4

It docht bliken dat haadinisjele folchoarders har signifikant faker oppenearje yn tiidwurdkloften besteande út 3 tiidwurden as yn kloften besteande út 2 tiidwurden. De kâns dat dit ferbân troch it tafal ta stân komt, is 1,9%.<sup>10</sup> In grutter tal tiidwurden begeunstiget haadinisjaliteit yn it Frysk fan Gysbert Japicx. Yn it Hollânsk is dat ek sa: de tiidwurdfolchoarder yn in Hollânske kloft mei twa tiidwurden kin haadfinal of haadinisjeel wêze, mar in kloft fan trije tiidwurden is faker haadinisjeel as in kloft fan twa tiidwurden (Haeseryn 1990: 30-70; foar 17e-ieusk Hollânsk, Van der Horst 2008:1426-1476).

### 2.2. De ynfinitymarkearder *te*

In lyts tal kloften wurdt ynlaat troch de ynfinitymarkearder *te*. Twa foarbylden wurde hjirûnder jûn:

- (13) Haadfinale folchoarder  
sonder herre dear-fen **drinckje to litten**  
(71910223)
- (14) Haadinisjele folchoarder  
Elck-ien het reckninge macke om mei de âderdomme  
**to moggen restjen** fen alle moeite  
(71910738)

Lit ús dêrom ûndersykje oft der in ferbân is tusken de oanwêzichheid of ôfwêzichheid fan *te* en de folchoarder. De neikommende tabel lit sjen dat der yndie sa'n ferbân is:

Tabel II. Korrelaasje oanwêzichheid *TE* en folchoarder,  $p = 3,9\%$ 

	TE	gjin TE
Haadfinale folchoarder	17	252
Haadinisjele folchoarder	4	15

It docht bliken dat de haadnisjele folchoarder him signifikant faker oppenearret yn in tiidwurdkloft ynlaat fan 'e ynfinityfmarkearder *te*. De oanwêzichheid fan *te* begeunstiget haadnisjaliteit.<sup>11</sup> Dat is yn it Hollânsk ek sa, dêr't yn it gefal fan in ynfinitivaal haadtiidwurd de kloft dy't selektearre wurdt troch *te* haadnisjeel wêze moat (Den Besten & Broekhuis 1989:84-85, 89).

2.3. *It helptiidwurd dwaan*

By it oereagjen fan 'e sinnen falt it jin op dat it kausatyf helptiidwurd *dwaan* him gauris oppenearret yn 'e haadnisjele folchoarder, mar ek wolris yn 'e haadfinale folchoarder. Twa foarbylden wurde hjirûnder jûn:

(15) Haadfinale folchoarder mei kausatyf *dwaan*

Dy almoggene God, in nimmen oorz, mei him dizze wei **uw-*t*-kippen dwaen**.

(71910140)

(16) Haadnisjele folchoarder mei kausatyf *dwaan*

ergiergheitte ... dy ... jearme tyde gicklyck in onnutlyck **det forslytjen**

(71910262)

Lit ús ûndersykje oft der in ferbân is tusken de oanwêzichheid fan it kausative helptiidwurd *dwaan* en de folchoarder. Kloften mei *te* wurde wer bûten beskôging litten. Wy besjogge yn twa aparte tabellen kloften fan 2 tiidwurden en kloften fan 3 tiidwurden:

Tabel IIIa. Gjin korrelaasje *DWAAN* mei folchoarder yn kloften fan 2 tiidwurden,  $p = 29,3\%$

	kausatyf helptiidwurd <i>dwaan</i>	oar helptiidwurd
Haadfinale folchoarder	7	245
Haadnisjele folchoarder	1	10

Tabel IIIb. Korrelaasje *DWAAN* mei folchoarder yn kloften fan 3 tiidwurden,  $p = 0,2\%$

	kausatyf helptiidwurd <i>dwaan</i>	oar helptiidwurd
Haadfinale folchoarder	0	19
Haadnisjele folchoarder	3	1

It docht bliken dat it helptiidwurd *dwaan* him signifikant faker oppenearret yn 'e haadnisjele folchoarder, mar inkeld yn kloften fan 3 tiidwurden: de oanwêzichheid fan kausatyf *dwaan* begeunstiget haadnisjaliteit (yn kloften fan trije tiidwurden).

2.4. *Foarm fan it haadtiidwurd: ôfslutend mulwurd of ynfinityf*

Yn 'e tiidwurdkloft kin it haadtiidwurd de neikommende trije foarmen ha  
- ôfslutend mulwurd  
- ynfinityf  
- fuortsettend mulwurd

In foarbyld fan elk type is hjirûnder jûn:

- (17a) Haadfinaal, ôfslutend mulwurd as haadtiidwurd  
Dat dy Bea-feart-reizgers fortoave nog rest hadde, for jearm reize  
**fol-einge iz**  
(71910009)
- (17b) Haadnisjeel, ôfslutend mulwurd as haadtiidwurd  
[Dat komt net foar.]
- (18a) Haadfinaal, ynfinityf as haadtiidwurd  
az y de nolckste in nommelste liue fen dizze matearje **petearjen  
harckje**  
(71910547)
- (18b) Haadnisjeel, ynfinityf as haadtiidwurd  
neamlijcke dy deade : Dy (...) free **kin meitssje**  
(71910674)
- (19a) Haadfinaal, fuortsettend mulwurd as haadtiidwurd  
Nu iz immen, dy him tinckje lit dat sieack iz, wol so herteleaz, az  
ien dy yn wierheite **siochtjende iz**  
(71910352)
- (19b) Haadnisjeel, fuortsettend mulwurd as haadtiidwurd  
[Dat komt net foar.]

It fuortsettend mulwurd komt as haadtiidwurd mar yn 2 sinnen foar, dy't beide haadfinaal binne. Dy wurde fierder bûten beskôging litten. Lit ús ûndersykje oft der in ferbân is tusken de kar foar in ôfslutend mulwurd of in ynfinityf as haadtiidwurd en de folchoarder yn kloften fan 2 en 3 tiidwurden:



Tabel IVa. Korrelaasje foarm haadtiidwurd en folchoarder yn 2-kloften,  $p = 0,0\%$

	ôfslutend mulwurd	Ynfinityf
Haadfinale folchoarder	135	104
Haadinisjele folchoarder	0	10

Tabel IVb. Korrelaasje foarm haadtiidwurd en folchoarder yn 3-kloften,  $p = 0,8\%$

	ôfslutend mulwurd	Ynfinityf
Haadfinale folchoarder	15	4
Haadinisjele folchoarder	0	4

De tabellen litte sjen dat de haadinisjele folchoarder sterk ôfhinklik is fan in ynfinityfaal haadtiidwurd yn kloften fan sawol 2 as 3 tiidwurden. Foar de haadfinale folchoarder jildt sa'n beheining net. De oanwêzigheid fan in ynfinityf as haadtiidwurd begeunstiget haadinisjaliteit.

### 2.5. *Infinitivus-pro-Participio*

Foar de haadinisjele folchoarder is der mar ien potinsjele IPP-kontekst, yn in bysin, en dêr wurdt dan ek fuort IPP fûn. Dy sin wurdt hjirûnder jûn:

- (20) Want as ienigh Prince, mei-'er-tyd immen so hæg **het dwaen klieuwen**  
(71910304)

Is it tafal dat IPP him krekt yn in haadinisjele folchoarder oppenearret? Hjirûnder wurdt ûndersocht oft der in ferbân is tusken de oanwêzigheid fan IPP en de folchoarder:

Tabel V. Korrelaasje IPP en folchoarder yn kloften fan 3 tiidwurden,  $p = 17\%$

	IPP	gjin IPP
Haadfinale folchoarder	0	19
Haadinisjele folchoarder	1	3

De kâns dat dit ferbân tafal is, is 17%. Dat is net grut genôch om signifikant te wêzen. It is lykwols bekend dat IPP in ferskynsel is dat him yn it Middelnederlânsk en Modern Nederlânsk yn haadnisjele folchoarder oppenearret, mar net yn it Nijfrysk mei syn haadfinale folchoarder. Dêrom fetsje ik tabel V op as stipe foar de korrelaasje tusken IPP en haadnisjele folchoarder, ek al is de kâns dat it net sa is wat heger as 5%, trochdat der net genôch gefallen fan IPP-konteksten yn 'e *Ferhanneling* binne. Dat is op himsels ek wer gjin tafal, mei't Jarich Hoekstra (1997:47-83) sjen litten hat dat âlder Frysk ynstee fan potinsjele IPP- sinnen (lykas *rinne kinnen hat*) in saneamde B-konstruksje brûkt (*rûn ha koe*). Dat de oanwêzichheid fan IPP korrelearret mei haadnisjaliteit.

### 3. Ynterpretaasje en konklúzjes

#### 3.1. Ynlieding

Yn it foargeande binne 5 faktoaren identifisearre dy't korrelearje mei it foarkommen fan haadnisjele folchoarders yn Gysbert Japicx syn proaza-oersetting:

1. in grutter tal tiidwurden begeunstiget haadnisjaliteit (by 3 tiidwurden sterker as by 2)
2. de oanwêzichheid fan *te* begeunstiget haadnisjaliteit
3. de oanwêzichheid fan kausatyf *dwaan* begeunstiget haadnisjaliteit (inkeld signifikant yn kloften fan 3 tiidwurden)
4. de oanwêzichheid fan in ynfinityf as haadtiidwurd begeunstiget haadnisjaliteit (yn ferliking mei in ôfslutend mulwurd)
5. de oanwêzichheid fan IPP korrelearret mei haadnisjaliteit<sup>12</sup>

Elk fan dy korrelearjende faktoaren begeunstiget yn kwantitative sin it foarkommen fan haadnisjele folchoarders. De neikommende ûndersyksfragen kinne no formulearre wurde:

- Wêrom brûkt Gysbert 6% haadnisjele folchoarders yn tiidwurdkloften dy't normaliter (yn it Nijfrysk 100% en by Gysbert sels 90%) in haadfinale folchoarder hawwe?
- Wêrom wurde dy haadnisjele folchoarders begeunstige troch de fiif faktoaren dy't yn it foargeande identifisearre binne?

Yn it neikommende sil ik it besykje en meitsje oannimlik dat dy haadnisjele folchoarders en de dêrmei mank rinnende korrelaasjes tusken de haadnisjele folchoarder en de fiif niisneamde faktoaren by Gysbert ûnder ynfloed fan it Hollânsk ta stân kommen binne.

### 3.2. Ynterpretaasje

De haadnisjele folchoarders komme by Gysbert inkeld mar mei ynfinitiven as haadtiidwurd foar en net mei ôfslutende mulwurden. Mar it is net sa, dat de oanwêzichheid fan in ynfinityf as haadtiidwurd automatysk op in haadnisjele folchoarder útdraait: ek by ynfinitiven is de haadnisjele folchoarder in minderheidspatroan. De neikommende tabel, dy't de data oangeande ynfinitiven as haadtiidwurd yn kloften mei 2 en mei 3 tiidwurden út seksje 2.4. aggregearret, makket dat dúdlik:

Tabel VI. Ynfinitiven as haadtiidwurd yn haadnisjele en haadfinale kloften

	ynfinityf
Haadfinale folchoarder	108
Haadnisjele folchoarder	14

Wêrom soe de haadnisjele folchoarder him inkeld mar by ynfinitiven as haadtiidwurd oppenearje? In ferklearing fine wy yn de oerienkomst mei it 17e-ieuske Hollânsk. Van der Horst (2008:1327-29) seit nammentlik oangeande kloften fan 2 of 3 tiidwurden yn 17e-ieusk Hollânsk dat it ôfslutend mulwurd as haadtiidwurd leafst haadfinaal stiet foar it helptiidwurd *hawwe / wêze / wurde* oer, wylst haadnisjele folchoarders yn it 17e-ieusk Hollânsk foaral foarkomme mei ynfinitiven as haadtiidwurd. Dat strykt mei it feit dat de haadnisjele folchoarders by Gysbert inkeld mar ynfinitiven as haadtiidwurd hawwe en gjin ôfslutende mulwurden. De útstelde ynterpretaasje makket it ek oannimlik dat de Hollânske skriuwtalige ynfloed him sterker oppenearret yn kloften fan 3 tiidwurden as yn kloften fan 2 tiidwurden. Skriuwtal stiet derom bekend dat it kompleksere konstruksjes hat as de sprektaal. Konstruksjes mei 3 tiidwurden sille har dêrom faker oppenearje yn Hollânske skriuwtal as yn Fryske sprektaal. As Gysbert besiket Frysk te *skriuwen*, hat er kwa frekwinsje minder stipe fan syn Fryske sprektaal by it skriuwen fan kloften fan 3 tiidwurden as by it skriuwen fan kloften fan 2 tiidwurden. Sadwaande wurdt er by it skriuwen fan kloften fan 3 tiidwurden mear troch it Hollânsk beynfloede as by it skriuwen fan kloften fan 2 tiidwurden. Op deselde wize kin ek ferklearre wurde dat Hollânske ynfloed him by komplekse kloften mei *te* gauwer oppenearret. Hollânske skriuwtal sil relatyf mear komplekse kloften mei *te* hawwe as Fryske sprektaal. Troch de relatyf hegere frekwinsje fan 'e konstruksje yn Hollânske skriuwtal yn ferliking mei Fryske sprektaal sil de kâns op ynterferinsjes dêr grutter wurde.

Soks ferûnderstelt, en dat is in reedlike ferûnderstelling, in yngeande twatalichheid by lju lykas Gysbert en oaren dy't yn 'e 17e ieu besochten om Frysk te skriuwen. Fan Gysbert witte wy dat er twatalich wie, mei't er ek yn it Hollânsk skreau en in protte Hollânsk lies. It leit ommers ek net yn 'e reden dat der in protte lju west ha dy't al Frysk *skriuwe* koene, mar foar wa't it Hollânsk in frjemde taal wie. Fansels wiene der wol lju dy't amperoan Hollânsk koene, mar dat sille krekt lju west ha dy't überhaupt net skriuwe koene. Lju dy't Frysk skreaunen, koene oer it ginneraal ek Hollânsk skriuwe. Om Frysk te skriuwen, brûkten se har ûnderfining mei de Fryske sprektaal en har ûnderfining mei de Hollânske skriuwtaal (en sprektaal); en dan rûgelet der wolris in Hollânske ynterferinsje troch de mesken hinne, krekt sa't dat tsjintwurdich ek noch hieltyd bart by twataligen dy't úteinsette mei it skriuwen fan it Frysk. Mei oare wurden, Frysk-Hollânske twatalichheid en Hollânske ynterferinsjeferskynsels yn it Frysk binne der net allinnich yn ús tiid, mar dy bestiene ek al yn 'e 17e ieu, al wie it doedestiids mear beheind, ûnder oaren ta lju dy't skriuwe koene, en lju dy't skriuwe koene, binne krekt dejingen dy't ús it skreaune Frysk neilitten ha.

Wat kausatyf *dwaan* oanbelanget, dêr ha ik gjin ferklearring foar, wol in oannimlike spekulasje. Ik soe oannimme wolle dat dy konstruksje frekwinter is yn Hollânske skriuwtaal as yn Fryske sprektaal, benammen yn kloften fan 3 tiidwurden. Spitigernôch is dêr yn Van der Horst (2008) gjin relevante ynformaasje oer te finen. Om niisneamde oannimming te bewizen, soe in korpusûndersyk nei kausatyf *dwaan* en *litte* yn 17e-ieusk Hollânsk en 17e-ieusk Frysk dien wurde moatte, yn kloften fan 2 en 3 tiidwurden. Dat is in saak fan neier ûndersyk, en sil wachtsje moatte op 'e kreaasje fan in flot trochsykber Korpus 17e-ieusk Hollânsk.<sup>13,14</sup> It is lykwols in feit dat kausatyf *dwaan* earne tusken de 17e ieu en hjoed fierhinne<sup>15</sup> útstoarn is yn it Frysk, wylst it ferskynsel yn 'e Hollânske skriuwtaal noch bestiet. It minder foarkommen fan *dwaan* yn kloften fan 2 tiidwurden kundiget mooglik it útstjerren fan 'e konstruksje yn lettere tiden oan.

Is it nuver dat Gysbert Japicx wolris in folchoarderpatroan foar kar nimt, dêr't mear as ien Hollânsk trekje mei anneks is? Betink dat der trije faktoaren binne dy't Hollânske ynfloed op Gysbert syn Frysk begeunstigje. Yn it foarste plak wie der gjin ûnderwiis yn 'e Fryske taal; der wiene gjin kursussen dêr't lju dy't Frysk skriuwe woene harsels opskerpje en yn 'e kunde mei de skreaune standert komme koene. Twad, der wie gjin grammatika fan it Frysk, gjin oersjoch fan alle Hollânske ynterferinsje dy't men nije moast as Fryskskriuwer (sjoch foar de twatalichheidsproblematyk Breuker 1993, 2001a,b). Tred, der

waard amper Frysk skreaun, dat der wiene ek amper foarbylden fan Fryske skriuwtaal om fan te learen of jin tsjin ôf te setten. Dêrfoaroer lies (en skreau) Gysbert gauris Hollânsk. Ph.H. Breuker (1989) hat sjen litten dat yn suver elke regel fan Gysbert wol in echo fan in oare, meast Hollânske, skriuwer meiklinkt (sjoch ek Wadman 1994:55 en fierder). Dat wie oars hiel gewoan yn eardere tiden, mar it makket fansels de kâns op ynterferinsjes út it Hollânsk wei namste grutter.

### 3.3. Konklúzjes

Wat wy yn feite fûn ha, binne twa patroanen yn 'e tiidwurdkloften. Ik sil dy FP (Frysk Patroan) en HP (Hollânsk Patroan) neame. Dy wurde hjirûnder yn in tabel presintearre:

Tabel VII. Twa konkurrearjende patroanen yn 'e tiidwurdkloft

	FP	HP
<i>Folchoarder</i>	<i>haadfinaal</i>	<i>Haadinisjeel</i>
<i>Oantali</i>	90%	6%
Tal tiidwurden	signifikant minder	signifikant mear
TE	signifikant minder	signifikant mear
Kausatyf <i>dwaan</i>	signifikant minder	signifikant mear
Ofslutend mulwurd as haadtiidwurd	signifikant mear	Gjint
IPP	Gjint	Al

FP hat yn it Nijfrysk it geweld allinnich. HP hat mei de Hollânske skriuwtaal in tal skaaimerken mienskiplik:

- Sawol HP en de Hollânske skriuwtaal ha in haadinisjele folchoarder yn 'e oanbelangjende foarbylden.
- Yn HP en de Hollânske skriuwtaal is der in korrelaasje tusken de haadinisjele folchoarder en it tal tiidwurden.
- Yn HP en de Hollânske skriuwtaal is der in korrelaasje tusken de haadinisjele folchoarder en de oanwêzichheid fan in ynfinitivaal haadtiidwurd.
- Yn HP en de Hollânske skriuwtaal is der in korrelaasje tusken de haadinisjele folchoarder en IPP.

It is fansels gjin tafal dat al dy Fryske haadnisjele sinnen by Gysbert yn streekjochte oersetting yn it Hollânsk ek haadnisjeel binne. Alsa kom ik by de neikommende ynterpretaasje út:

#### *Ynterpretaasje*

- FP is karakteristyk foar 17e-ieusk Frysk.
- HP is karakteristyk foar 17e-ieusk Hollânsk.

Yn Gysbert syn Fryske tekst botse twa grammatikale systemen opinoar: Frysk en Hollânsk. Meastal wint it Frysk, mar út en troch wint it Hollânsk. Foar it ûndersyk nei twatalichheid en nei de taalskiednis fan it Frysk en it Hollânsk is it nijsgjirrich en plúzje de âldere fazen fan beide talen útinoar, sa't yn dit artikel besocht is te dwaan foar de tiidwurdkloften dy't Gysbert brûkt yn syn "Yen suwnerlinge forhânlinge Fen it Libben In fenne Deade". Mear yn it algemien soe ik op grûn fan dit ûndersyk úthâlde wolle, dat Frysk-Hollânske twatalichheid syn spoaren al iuwenlang yn it Frysk neilit, alteast by lju dy't skriuwe koene.

#### *Betanknoat*

Foar kommentaar op in eardere ferzje betankje ik Siebren Dyk, Rients Faber, Arjen Versloot en Willem Visser.

#### Bibliografy

- Besten, H.B. den & H. Broekhuis (1989) "Woordvolgorde in de werkwoordelijke eindreeks". *GLOT* 12, 79-137.
- Breuker, P. (1993) *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk*. Dissertaasje, Ryksuniversiteit Grins.
- Breuker, P. (2001a) "The development of Standard West Frisian". Yn H.H. Munske yn oparbeidzjen mei N.N. Århammar, V. Faltings, J. Hoekstra, O. Vries, A. Walker en O. Wilts (red.), *Handbook of Frisian Studies*. Max Niemeyer, Tübingen, 711-721.
- Breuker, P. (2001b) "West Frisian in Language Contact". Yn H.H. Munske yn oparbeidzjen mei N.N. Århammar, V. Faltings, J. Hoekstra, O. Vries, A. Walker en O. Wilts (red.), *Handbook of Frisian Studies*. Max Niemeyer, Tübingen, 121-129.
- Breuker, Ph.H. (1989) *It wurk fan Gysbert Japix. I. Tekst yn facsimile. II. Oerlevering en ûntstean*. Fryske Akademy, Ljouwert. Dissertaasje Vrije Universiteit te Amsterdam.
- Giere, R.N. (1997) *Understanding scientific reasoning*. The Dryden Press, Orlando.
- Haan, G.J. de (1992) "The verbal complex in Frisian". *Us Wurk* 41, 59-92.
- Ek yn J.F. Hoekstra, W. Visser en G. Jensma (2010, red.), 165-198

- Haan, G.J. de (1995) "Friese Taalveranderingen". Yn: Belemans, R. en H.H.A. van de Wijngaard (red.), *Dialect in Beweging. 100 jaar na de enquêtes van Willems en Aardrijkskundig Genootschap (= Het dialectenboek; 3)*. Stichting Nederlandse Dialecten, Groesbeek, 64-78. Ek yn in Ingelske oersetting "Frisian language changes", yn J.F. Hoekstra, W. Visser en G. Jensma (2010, red.), 251-264.
- Haeseryn, W. (1990) *Syntactische normen in het nederlands. Een empirisch onderzoek naar woordvolgorde in de werkwoordelijke eindgroep*. Dissertaasje, Katholieke Universiteit te Nijmegen.
- Hoekstra, J. (1989) "A note on the typology of te-infinitives in Frisian". *NOWELE* 14, 19-51. Ek yn: J. Hoekstra (1997: 84-102).
- Hoekstra, J. (1990) "Trijetiidwurdkonstruksjes". *It Beaken* 52, 59-95. Ek yn: J. Hoekstra (1997: 47-83).
- Hoekstra, J. (1997) *The Syntax of Infinitives in Frisian*. Fryske Akademy, Ljouwert. Dissertaasje, Ryksuniversiteit Grins.
- Hoekstra, J., W. Visser en G. Jensma (2010, red.) *Studies in West Frisian Grammar. Selected papers by Germen J. de Haan*. John Benjamins, Amsterdam.
- Horst, J.M. van der (2008) *Geschiedenis van de Nederlandse syntaxis*. Universitaire Pers Leuven, Leuven. Twa dielen.
- Kramer, C. (1943) *Gysbert Japicx as oersetter en biwirker*. Van Gorcum & Comp, Assen.
- Maanen, H. van (2009) *Goochelen met getallen. Cijfers en statistiek in krant en wetenschap*. Boom, Amsterdam.
- Reenen, P. van (2009) "Over oorkonden en statistiek, diachronie en determinisme. Naar aanleiding van Arjen P. Versloot, Mechanisms of Language Change, Vowel Reduction in 15th Century West Frisian. Proefschrift Groningen. Utrecht, LOT 71, 2008". *Taal en Tongval* 61, 45-71.
- Romesburg, H.C. (2009) *Best research practices. How to gain reliable knowledge*. Lulu Enterprises, Inc., Morrisville N.C..
- Stroop, J. (1970) "Systeem in gesproken werkwoordsgroepen". *Taal en Tongval* 22, 128-147.
- Stroop, J. (2009) "Twee- en meerledige werkwoordsgroepen in gesproken Nederlands". Yn Egbert Beijk, Lut Colman, Marianne Göbel, Frans Heyvaert, Tanneke Schoonheim, Rob Tempelaars, Vivien Waszink (red.) *Fons Verborum. Feestbundel Fons Moerdijk*. INL / Gopher, Leiden, 459-469.
- Tamminga, D.A. (1988) "Ik wit net hoe't ik dat moat sizze". [Mei in neiskrift fan Anne Wadman] *De Pompeblêden* 59, 151.
- Tiersma, P.M. (1999) *Frisian Reference Grammar*. Fryske Akademy, Ljouwert.
- Versloot, A.P. (2008) *Mechanisms of Language Change. Vowel Reduction in 15th Century West Frisian*. LOT Netherlands Graduate School of Linguistics

tics, Utrecht. Dissertaasje, University of Groningen.

Wadman, A. (1994) "In goudmyn foar Gysbert-dollers". Yn A. Wadman (1994) *Oer oarmans en eigen*. Fryske Akademy, Ljouwert, 55-61.

Wolf, H. (1995a). *Feroarings yn de Fryske tiidwurdljike einrige; In ûndersyk nei in tal resinte syntaktyske feroarings by Frysktalige jongerein*. Onderzoeksverslag Fryske Akademy, Leeuwarden.

Wolf, H. (1995b). "Ynvertearre tiidwurdkloften yn it Ynterferinsjefrysk". *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 10-1, 1-11.

## Noaten

1. Om krekt te wêzen, der binne 3 gefallen fan type (2a) mei in ôfslutend mulwurd as twadde tiidwurd en 24 gefallen fan type (1b) mei in ynfinityf as twadde tiidwurd.
2. Yn Ynterferinsjefrysk komme wol Hollânske wurdfolchoarders foar, en ek wol IPP (Wolf 1995 a,b; De Haan 1995).
3. Kramer (1943) wiist der yn syn foaropwurd op, dat by it omtinken foar Gysbert as dichter Gysbert as oersetter wat ûndersnijd is. Dat is te'n ûnrjochte, want fierwei it grutste part fan Gysbert syn wurk bestiet út oersettingen.
4. Ynternet: <http://www.langsrud.com/fisher.htm>. Fisher's Exact Test is better as de tradisjonele chi-kwadraat toets, mei't er krektere risseltaten jout foar lytse getallen. Foar in útlis fan ien en oar, sjoch Versloot (2008:50-52), Van Reenen (2009:58-65). Foar de lêsbereidheid wurdt signifikânsje yn persinten jûn, ôfmakke op ien sifer efter de komma.
5. Ekstrasopsje fan *te*-ynfinitiven is dus net ûndersocht; cf. J. Hoekstra (1989), De Haan (1992).
6. Yn in kloft fan 3 tiidwurden binne der 2 helptiidwurden. Yn dat gefal beheine wy ús ta it helptiidwurd dat it haadtiidwurd selektearret.
7. Dy nûmers ferwize nei de nûmering fan rigels yn 'e Taaldatabank. De TDB is te finen op: <http://www.fryske-akademy.nl/tdb/>
8. Sjoch J. Hoekstra (1990:76-78 of 1997:67-69) foar tuskenbeiden folchoarders yn 19e-iesk Frysk en Tamminga (1988:151) foar in foarbyld fan in tuskenbeiden folchoarder fûn yn 'e ynlieding fan Gysbert Japicx syn *Rymlerije*.
9. Der binne 12 kloften dêr't it helptiidwurd of it haadtiidwurd in fuortsettend mulwurd is. Dy binne allegear haadfinaal, en se besteane allegear út 2 tiidwurden.
10. Dêrmei sit it rom ûnder de 5% limyt dy't op grûn fan wiskundige wierskynlikheid as grins fêststeld is foar falsifikaasje. As de kâns op tafal ûnder de 5% leit (ûnder de 1 op 20), fine wittenskippers it legitym om te sizzen dat in eventuele korrelaasje net troch de data wjerlein wurdt. Foar in útlis fan hoe't statytk by empiryske wittenskiptsbeoefening tapast wurdt, sjoch Giere (1997), Romesburg (2009); foar flaters yn it brûken fan statytk by it lûken fan wittenskiplike konklúzjes, sjoch Van Maanen (2009).
11. TE is de kausale oarsaak fan haad-inisjaliteit, dus haad-inisjaliteit is 'de ôfhinklike fariabele' hjir. Dêrom kin men net (oarsom, sis mar) stelle dat haad-inisjaliteit de oanwêzichheid fan TE bevestiget, as soe de oanwêzichheid fan TE it gefolch fan haad-inisjaliteit wêze.



12. In reviewer freget oft dit net al bekend wie troch it kontrast Frysk - Hollânsk. Foar it hjoeddeistige Hollânsk is dat yndie bekend. Foar 17e-ieusk Frysk wie lykwols nòch it foarkommen fan IPP bekend, lit stean yn it wurk fan Gysbert Japicx, nòch dat it foarkommen fan IPP yn 17e-ieusk Frysk korrelearret mei haadinisjaliteit.
13. Foar it Frysk hoopje ik it weiwurden fan kausatyf *dwaan* yn in takomstich artikel út te sykjen.
14. Tiidwurdfolchoarder yn it 17e-ieuske Nederlânsk is amper ûndersocht. It taalkundich ûndersyk hat him yn it algemien konsintrearre op it hjoeddeistich taalgebrûk of op it âldere (Middel)nederlânsk út 'e 13e, 14e en 15e ieu. Yn feite jildt foar it Frysk itselde. Der is mear taalkundich ûndersyk dien nei it Moderne Frysk en it Aldfrysk as nei it Frysk út 'e ieuwen dêrtuskenyn. Foar it Hollânsk út 'e 17e ieu moast ik te seil gean op wat Van der Horst (2008) dêroer seit, mar dat is gjin spesjalistyske stúdzje. Fansels ha ik ek it rynske oanbod oan primêre taaldata yn Van der Horst trochnommen.
15. It wurdt faaks noch bewarre yn it idioom *te witten dwaan*.

